

Húshâldlik reglemint

Húshâldlik reglemint fan de Ried fan de Fryske Beweging

Leden út de organisaasjes

Kêst 1

1. De oansletten organisaasjes beneame elk har fertsjintwurdiger op eigen manneboet en kinne ek ien of mear fêste ferfangers beneame.
2. De oansletten organisaasjes kinne it mandaat fan har fertsjintwurdiger ynlûke en in oaren beneame om de terminen fol te meitsjen.
3. As in troch de organisaasjes beneamd lid tuskentiids ôfgiet, kin de oanbelangjende organisaasje fuortendaliks in nij lid beneame.
4. As de organisaasjes net foldwaande leden beneame, beslút de Ried oft en op hokfoar wize oft de dêrtroch ûntstiene fakatueren opfolle wurde.

Leden út de stipers

Kêst 2

1. It bestjoer stelt troch in oankundiging yn syn meidielingsorgaan de stipers oant fjouwer wike foar de ferkiezing yn de gelegenheid om kandidaten foar de Ried foar te dragen.
2. By de foardracht wurde ynljochtings oer de persoan dy't ta de saak dogge, oan it bestjoer oerlange.
3. It bestjoer stelt in alfabetyske list op fan de foardroegen kandidaten.
4. De stipersfertsjintwurdigers stimme yn de (jier)gearkomste skriftlik oer de kandidaten. As twa of mear kandidaten likefolle stimmen hawwe, wurdt de jongste beneamd.
5. As in stipersfertsjintwurdiger tuskentiids ôfgiet, wurdt de fakatuere by de earstfolgjende ferkiezing ynfolle.
6. As de stipers net foldwaande kandidaten foardrage, beslút de Ried oft en op hokfoar wize oft de dêrtroch ûntstiene fakatueren opfolle wurde.

Ferantwurdlikens en organisaasje

Kêst 3

1. De foarsitter is ferantwurdlik foar it mei-inoar oprinnen (de koördinaasje) fan alle wurk dat yn it ramt fan de Ried dien wurdt. Hy liedt de gearkomsten fan de Ried en fan it bestjoer.
2. a. De skriuwer is ferantwurdlik foar de ferslachjouwing fan rieds- en bestjoersgearkomsten, it opstellen fan it jierferslach, it foarlizzen fan ynkommen stikken oan it bestjoer en/of oan de Ried, it opstellen fan offisjele stikken, it briefkjen en de lede- en stipersadministraasje.
b. De skriuwer kin bystân krije fan in twadde skriuwer en/of in administratyf meiwurker.
c. It ferslach fan de gearkomsten fan de Ried en it bestjoer moatte op syn minst de besluten en konklúzjes werjaan. Yn de ferslaggen hoege mienings inkeld opnommen te wurden as in lid dat freget.

- d. De skriuwer is ferantwurdlik foar it tastjoeren fan de oantekens fan de bestjoersgearkomsten oan de leden dêrfan en foar it tastjoeren fan de riedsferslaggen oan de riedsleden.
 - e. It digitaal ferstjoeren fan stikken en korrespondinsje is likegoed jildich as it ferstjoeren mei de tradisjonele post.
3. a. De ponghâlder is ferantwurdlik foar it finansjeel behear.
 - b. De ponghâlder beheart de jildmiddels, jout oan de Ried en it bestjoer, sa faak as nedich is of frege wurdt, ynljochtings oer de jildsaken en bringt op de jiergearkomsten in jierrekken en in op it aksjeplan ôfstimde begrutting nei foaren.
 - c. De ponghâlder kin bystân krije fan in twadde ponghâlder en/of in finansjeel-administratyf meiwurker.

Kêst 4

1. De Ried kin betelle meiwurkers beneame, neidat der in iepen sollisitaasje foar sa'n funksje west hat. De Ried jout harren in ynstruksje, dy't ferwize kin nei in kollektive wurkoerienkomst.
2. De Ried kin ek frijwillige meiwurkers beneame, dy't inkeld in fergoeding krije.
3. Meiwurkers meie yn riedsgearkomsten it wurd fiere. It bestjoer kin harren útnoegje ta it bywenjen fan bestjoersgearkomsten.

Bydragen fan organisaasjes en stipers

Kêst 5

1. De oansletten organisaasjes betelje in jierliks troch de Ried fêst te stellen bydrage. De gewoane stipers betelje in jierliks bedrach dat net ûnder in troch de Ried fêst te stellen minimum komt. Foar jongereinstipers oant en mei 25 jier kin in leger bedrach fêststeld wurde.
2. De organisaasjes en de stipers krije de periodiken fan de Ried tastjoerd.

Riedsgearkomsten

Kêst 6

1. It bestjoer ferstjoert de oprop mei de wurklist foar in riedsgearkomste op syn minst fjirtjin dagen foar de datum dêrfan. Skriftlik yntsjinne útstellen fan leden, oansletten organisaasjes en stipers wurde op dy wurklist opnommen as dy fjouwer wiken foar de gearkomste by it bestjoer yntsjinne binne. Op de wurklist stiet nei it iepenjen 'fêststellen wurklist' en foar it sluten 'omfregjen'.
2. Gearkomsten kinne inkeld beslute oer saken dy't op de wurklist steane, of it moat om driuwende saken gean.
3. Gearkomsten fan de Ried kinne gjin besluten nimme as net de helte fan de riedsleden oanwêzich is.
4. As it kwoarum der net is, beleit it bestjoer binnen in moanne in nije gearkomste, mar net earder as fjirtjin dagen nei de earste. Dy twadde gearkomste kin sûnder kwoarum beslute oer de ûnderwerpen dy't op de eardere wurklist stiene.

5. By stimmings wurde blanko stimmen en stimûnthâldings meiteld foar it beskieden fan it tal jildige stimmen.
6. As de stimmen oer in útstel stûkje, is it útstel fersmiten.

Ferslaggen en Begruttingen

Kêst 7

1. Alle jierren beleit it bestjoer fôar 1 juny in jiergearkomste, dêr't de jierferslaggen fan de skriuwer, fan de ponghâlder en eventueel fan kommisjes oer it ôfrûne jier en it aksjeplan mei in begrutting foar it kommende jier, oan de oarder komme.
2. Foarsafier't soks nedich is, wurde op de jiergearkomste nije riedsleden beneamd.
3. As de jiergearkomste ien of mear ferslaggen ôfkart en nije easket, soarget it bestjoer dat dy ferslaggen yn de folgjende riedsgearkomste op 'en nij oan de oarder komme.

Adviseurs, Kommisjes

Kêst 8

1. Adviseurs wurde troch it bestjoer beneamd.
2. Kommissjeleden en fertsjintwurdigers fan de Ried by oare organisaasjes wurde troch it bestjoer beneamd en ûntlêstge.
3. Kommisjes en fertsjintwurdigers moatte op syn minst ien kear yn it jier ferslach oan it bestjoer útbringe.
4. De foarsitter en syn plakferfanger hawwe it rjocht om, nei kundskip yn it foar, de gearkomsten fan kommisjes by te wenjen, al of net beselskippe fan oare bestjoersleden.

Blêden

Kêst 9

1. De Ried kin, al of net yn 'e mande mei oaren, ien of mear blêden útjaan.
2. De riedsgearkomste hat te kedizen oer aard, omfang en it bekostigjen dêrfan en oer in eventueel oparbeidzjen mei oaren.
3. Foar de redaksje jildt wat yn kêst 8 oer kommisjes fêstlein is. It bestjoer kin foar de redaksje fierder in reglemint fêststelle.
4. De blêden wurde yn alle gefallen tastjoerd oan de oansletten organisaasjes, de stipers en losse of kollektive abonnees.
5. De administraasje fan blêden en fan oare publikaasjes wurdt berêden ûnder ferantwurdlikens fan it bestjoer.

Einkêst

Kêst 10

Oer kwestjes dy't net regele binne yn dit húshâldlik reglemint, beslút de Ried.